

Ale S. van Zandbergen 'gjin haast, mar wille'

FD 25-2-14

Ale S. van Zandbergen is dit jier de winner fan de Rink van der Velde-priis. In petear mei him oer *Littenser Merke*, syn debútroman dy't er al fytsend betocht.

Boeken

Arjan Hut

Der wie yn it foarren wat betizing oer de Rink van der Velde-priis. Yn de media en de presintaasje fan de gemeente Smellingerlân út, waard oanhâlden dat de priis ornearre is foar boeken 'yn de geast fan Rink van der Velde, literêr en gaadlik foar in grut publyk'. Yn de regleminten stie dy betingst lykwols net langer en de sjuery hat gewoan socht nei „it bêste en moaiste nije boek fan de ôfrûne twa jier – dat út soarte in protte lêzers fertsjinnet”.

Skriuwer Ale S. van Zandbergen (1956) hie dat net yn de gaten. De wiskundelearaar, dy't syn boek oer in perioade fan fjouwer jier ûnder it fytsen betocht, wie al bliid mei de nominaasje. „Mar ik hie de oare nominaasjes ek sjoen, en tocht oan de opset fan de priis en miende – ik win dat dochs net.”

Littenser Merke spilet him ôf yn de Fryske greidhoeke en giet oer twa haadpersoanen dy't hiel fier fan inoar of lykje te stean. Eeuwke, in jonge dûmnysfrou, longeret nei in bern. Wêrom is har man net by steat om har djipste winsk te ferfoljen? Hy hat de hannen fol oan strideraasjes op tsjerklik mêd, mar dat kin dochs net de ienichste reden wêze? Mear as in ieu letter libbet de slachtersoan Liuwe Bosgra yn itselde doarp, mar wol yn in hiele oare tiid.

Yntelligent en ek wat autistysk stiet er yn de wrâld.

It boek telt hast fiifhûndert siden, is skreaun troch in wiskundedosint en opset yn in giastyske fertelstruktuer, sa't dy ek yn de Bibel en de Torah foarkomt. „It is in ferhaal dat baat hat by *slow reading*”, seit Van Zandbergen, „mar ik tink net dat it heechdravend of dreech is. Ferrast wie ik wol doe't de sjuery ferline wike syn kar bekend makke. Fûstkje ik dêr ynienen mei in frjemde man, docht bliken dat it de boargemaster is! En Omrop Fryslân wie der, en allerhande minsken fan de krante. Soks wie ik net wend.”

Wie de skriuwer al fytsend en prakkesearjend net in gefaar op de dyk? „Ik wurkje as dosint yn Snits en fyts alle dagen fan Ljouwert nei myn wurk en wer werom. Nee, ik ha dêrby gjin ûngemakken feroarsake, it is in hiel rêstich ein mei amper ferkear. Der is in nij fytspaad by it wetter del, in stik dêr't ik sa'n 37 minuten oer fyts, en dan bin ik eins hielendal allinne.”

As ik him freegje wêr't er de enerzjy wei hat om alle jûnen nei it wurk te skriuwen, komt it fytsen nochris werom. „Wy ha gjin auto”, laket er, „krekt as âlde hippys. Ik rook en drink net, bin fit. Boppedat, it fantasearjen hoech ik net op gong te bringen. Dat is in doar dy't alleduerigen iepen stiet. As ik oan it wurk gean, dan begjin ik mei wat griemerij. Dat bedoel ik net as in leechlizzend begryp. Ut de griemerij wei komme hieltyd mear assosjaas-



Ale S. van Zandbergen. „Foar my is it skriuwen in segening.” Foto: Hoge Noorden/ Jacob van Essen

jes. It boek fertelt himsels eins. Ik ha ek gjin haast by it skriuwen, mar wol wille. Foar my is it in segening.”

Bêdlêzers

Op it heden is Van Zandbergen mei nij wurk dwaande. It winnen fan in priis en de ferwachtings fan bûten lizze him gjin ekstra druk op. Hy laket nochrisom en seit wisberet: „Ik lit my net gek meitsje.”

Hoe belibbe syn frou fan syn skriuwersrûte? „Wy binne echte 'bêdlêzers'. Myn frou is net Frysktalich, mar hat it hiele boek mei my mei belibbe. De lêste twa haadstikken hat se my lûdop foarlêzen en út en troch hifke sy pleagjend: 'en wat bedoelt de schrijver daarmee?' Dat

It fantasearjen hoech ik net op gong te bringen. Dat is in doar dy't alleduerigen iepen stiet

wie wol handich, mei de skriuwer njonken har ûnder de tekkens.”

Ynspiraasje hellet de skriuwer út syn eigen ferline, syn jeugd yn Easterlittens, wylst it „yn in oare wrâld

dûken” soarget foar ûntspanning en nije enerzjy. Ek de taal sels is in faktor dy' oan it proses bydraacht. „Doe't ik nei in net-Frysktalige omjouwing ferhûze, ha ik it Frysk allinne mar better leard. Dat kaam trochdat ik foar myn taal weromfalle moast op boeken. Benammen wat âldere boeken, lykas dy fan Ypk fan der Veer, hienen in grut oanbod fan wurden en útdrukkings. Dat âldere register ha ik ek yn passazjes fan *Littenser Merke* ferwurke. Ja, dat wienen tinkt my de moaiste stikken om oan te wurkjen!”

► *Littenser Merke*, debútroman fan Ale S. Van Zandbergen. Friese Pers Boekerij. 19,50 euro